

Sjouke Ijpma, tachtich jier lyn kening op de Freulepartij

'In soad waard hjir yn Snits net oan it keatsen dien. Wy makken op it âlde keatsfjild by it stasjon fan klompen en tou in perk en dan koe it hinne gean. Bestjoersleden wienen der net, wy moasten ús sels mar wat rêde.'

Keatsen yn Snits om 1930 hinne

Te gast by Sjouke Ijpma (96) yn Snits seit syn frou op in stuit: 'Wat bisto drok, safolle praat hast oars noait oer it keatsen.' It is dúdlik, prate oer syn winst op De Freule yn 1932, oer it ferline mei de âlde maten, dy't der net mear binne, makket in soad los. De tinzen gean werom nei de earste kear dat er op 14-jier-rige leeftyd fuortgie te keatsen nei Stiens. It wie in suksesfolle loop, want hy kaam thús mei syn earste keatspriis: in padvindersbeurske mei in klep dy't iepen koe. 'We gienen altiten op de fyts oeral hinne. Ik wit noch dat wy in kear hielendal nei Aldebiltsyl fytst binne. "Brandsje" dy't gjin fyts hie, siet by my foar op 'e stange. It wie in hiele trip, mar je wienen jong en je koenen wol wat ha. Eile Dantuma, dy't wurkleas wie, gie as begelieder my ús mei. Doe't wy oan de ein fan de dei de priis krigen, frege Eile oan de foarsitter hoe let as it wie. "No", sei de foarsitter, "dat moatte jo mar oan jo keatsers freegje, want dy ha de horloazjes wûn." Dat stiet my noch goed by. It is spitich dat ik dat horloazje kwyt bin, it is stellen út de wurkpleats op de skipshelling.'



Sjouke Ijpma (96): 'Soks ferjit je nea wer.' Foto: Theo Kuipers.

Begjin jierren tritich hie Snits in ploechje goeie jeugd-keatsers. Yn 1931 skeelde it mar in bytsje of de bruorren Lubertus en IJsbrand ('Bertus en Brandsje') Blom hienen mei Johan ('Jopie') Visser it Harnzer partoer mei Sjoerd Van der Meer, Feite de Jager en Bauke van Seijst fan de Freulewinst ôfhâlden. It waard úteinlik 5-5 en 6-4 foar de Harnzers. Dat wie efternei in gelok foar Sjouke Ijpma, want by winst hie 'Brandsje' it jier dêrnei net mear meidwaan mochten op De Freule.

'Dêr hie ik wol gelok mei want 'Brandsje' wie in goeie foarynse en wie hartstikke tûk yn it tuskenspul. Ik stie sels efteryn en sloech foar minst op. Sjoerd Sikkes sloech foar bêst op. Hy wie in deeglike opslagger dy't net folle bûten hie.'

De Freulewinst fan 1932

'It bestjoer fan Snits hat ús foar De Freule opjûn. Mar dat wie ek it iennichste wat de feriening dien hat. We moasten sels in shirt keapje en der gie ek net ien mei ús mei. Letter op de dei kamen der noch wol wat Snitsers, dy hienen blykber heard dat wy yn de finale sieten. Ik wit noch dat Bertus Blom krekt op tiid wie om de lêste slaggen te sjen. Mar fan gjin fan trijen wienen ús âlders oanwêzich. We binne der moarns betiid op 'e fyts hinne gien. We ha it de hiele dei einliks net sa dreech hân, allinnich tsjin Ljouwert wie it flink spannend.'

It docht bliken dat it ûnthâld fan Sjouke Ijpma noch goed is, want syn ferhaal kloppet mei it ferslach yn de *Leeuwarder Courant* fan 8 augustus 1932. Yn de earste omloop wûnen se fan Reduzum mei 5-2 en 6-4. Yn de twadde omloop gie it noch makliker tsjin St. Jabik, dat mei Christ Wassenaar en Jan Wallendal (de pakes fan twa lettere PC winners) gjin poat oan de grûn krige; 5-0 en 6-0. Ek Berltsum, mei ûnder oaren Anne van der Meulen, waard mei 5-1 en 6-4 maklik oan de kant setten. Dreech waard it tsjin Ljou-



It 'Freule-klokje' fan Sjouke Ijpma. Foto: Theo Kuipers.

wert dat keatste mei G. Bottinga en de bruorren P. en H. Dorenbos. Nei in efterstân fan 3-1 waard it trije earsten gelyk en nei't Snits mei 5-4 de lieding nommen hie, waard it úteinlik fiif earsten gelyk. Op de stân fan 5-5 en 6-4 yn harren foardiel sloech IJsbrand Blom de bal retoer oant efter de foarline.

Yn de finale moast oantreden wurde tsjin Weidum mei Klaas Posthumus (PC winner yn 1945) en Sietse de Groot (de keatser/reedridder en âlvestêdetochtwiner fan 1942). Mar Weidum hie yn de finale te folle missers oan de opslach en dat makke krekt it ferskil tsjin de deeglike opslach fan Snits. Weidum sloech yn de partij seis kear boppe en Snits fiif kear. Mar de lêste boppeslach wit Sjouke Ijpma noch as de dei fan juster foar de geast te krijen. 'It stie 5-2 en 6-2,

Weidum sloech op en de bal gie oer 'Brandsje' hinne, ik raasde dat de bal foar my wie en stapte der moai tsjin oan. Ik rekke de bal goed en sloech 'm skean troch de hoeke it fjild út. No en doe hienen wy it wûn. En ik waard ek noch kening! Soks ferjit je nea wer.'

Mei it gouden horloazje yn de bûse en de krânse om 'e nekke gie it op hûs oan. Dêr waarden de jonge knapen ynhelle mei in protte lawaai en skouderklopes. Doe't it op it Schaapmarktplein te rumoerich en te drok waard kaam de polysje der oan te pas om de oarder te herstellen. Mar by dy iene spontane hulde soe it bliuwe. In offisjele huldiging troch de eigen keatsferiening of troch it gemeentebestjoer hat der nea west.

Gjin ferfolch

Nei de Freulewinst yn 1932 wie it eigenlik dien mei de keatskarriêre fan Sjouke Ijpma. Hy gie mei 16 jier al oan it wurk op in Snitser skipswerf en koe ek sneons net mear fuort te keatsen. Yn de jierren dêrnei gie er noch wolris fuort te keatsen yn de omlizzende doarpen mar om't sukses útbleau waard de oerstap makke nei it fuotbaljen by LKC. Dêr hat er noch in grut oantal jierren yn it earste en twadde âlvetal spile. It keatsen wie dien. Moai wie noch wol de útnoeging fan KV Wommels om yn 1982, fyftich jier nei syn Freulewinst, as gast njonken CdK Wiegel sitte te meien. Wat rest binne in pear medaljes, in trijetal sulveren leppels en fansels it gouden horloazje.

Theo Kuipers